

Preek oer Iepb.3,3b (Drachten-E, 27-1-13)

Ps.28:1,4,5

L Iepb.2,18-29

Liet 296

L Iepb.3,1-6

T Iepb.3,3b

Liet 462:1,4

Ges.123:3,4 (nei apostoalyske geloofsbelidenis, earste part)

Gesang 15:1,3,5 (nei kollekte)

Gemeente van de Heare Jezus,

Dizze preek oer it brief fan Kristus oan 'e tsjerke fan Sardes haw ik wat tsjinoan skytskoarre. Want dat brief is wol sá negatyf. Yn 'e earste fjouwer brieven stienen ek wol pittige dingen, mar dat wie noch wol te fernearen. Want hoe kritysk dy ek wienen, se wienen ek wat evenrediger. Tsjinoer swakke punten fan in tsjerke stienen gelokkich altyd sterke punten. Ik soe my yntinke kinne dat dy earste fjouwer tsjerken wol reewillich wienen en wurkje oan har swakke punten. Want Kristus hie ek wurdearring foar wat sy dienen. Mar foar de tsjerke fan Sardes hat Er gjin goed wurd oer. As der al wat goeds fan 'e tsjerke fan Sardes sein wurde kin, dan net troch Him. Want der wurdt wol fan dy tsjerke sein dat se libbet, mar dêr is Kristus it net mei iens. Tsjinoer it geunstige oardiel fan 'e wrâld, set Hy de aldernegatyfste resinsje dy't je as tsjerke mar krije kinne: "Do bist dea".

Ik skriuw sels resinsjes, foar orgelnieuws.nl. Om de safolle wike skriuw ik in beoardieling fan nije kompaktskiven mei oargelmuzyk. It moat wol hiel raar gean, as in skiif net fjouwer stjerren krijt. In inkelde kear wurde it der fiif. Dan bin ik hielendal út 'e skroeven fan sa'n plaat. In hiel inkelde kear jou ik trije stjerren. Dan is it noch altiten in goeie plaat, mar ik wie der ek net wei fan. Ik haw mar ien kear twa stjerren jûn. Dêr wie de platemaatskippij sa liik oer, dat se mei in proses drigen. Jo kinne je wol yntinke wat der gebeurd wie, as ik dy plaat nul stjerren jûn hie. Dan hienen de rapen gear west. Want nul stjerren, dat bestiet net. Dan krije je dochs it gefoel dat sa'n sjoernalist him úttjirgje moast.

Mar yn it brief oan Sardes is it noch slimmer. Want dy is ferstjoerd út namme fan Him dy't fan Himsels seit dat Er gjin fiif, mar sân stjerren hat. Is dat wol earlik, as Hy dy't sân stjerren hat, oan 'e tsjerke fan Sardes nul stjerren jout? No, fuort mar, ien stjer. Om't dy tsjerke by neier besjen net dea, mar *op stjerren nei* dea is. It docht bliken dat der yn Sardes dochs noch inkelde minsken binne dy't de klean net smoarch makke hawwe. Mar kin der fan 'e oaren dan hielendal neat goeds sein wurde? It brief oan Sardes docht my wat tinken oan immen dy't fan syn eigen tsjerke net mear te sizzen wit as: "allegear neat, allegear neat". Ien dy't sa negatyf docht, dy kinne je dochs net serieus nimme?

Der is noch in reden dat ik wifele ha oft ik hjoed wol preekje soe oer it brief oan Sardes. Want it komt fansels wat frjemd oer as in gastpreker mei it boadskip delkomt: “Der wurdt fan jim sein dat jim libje, mar ik wit, jim binne dea”. Fral as dy gastpreker hjir ek noch ris berne is. As ik dan dochs út 'e sân brieven út Iepenbiering preekje woe, soe it wol sa aardich wêze as ik in brief naam dy't wat freonliker wie. Dy oan Tiatira bygelyks.

Ek dy is kritysk. Want de Heare sinjaleart dat in soad gemeenteleden krekt-en-deselde libbensstyl hawwe as minsken dy't net yn Him leauwe. Sy leauwe wol yn in nije Hear, mar liede net in nij libben. Der binne tsjintwurdich gâns tsjerken dêr't itselde fan sein wurde kin. It soe my gjin nij dwaan as dat yn Drachten net oars wie. Mar soe der fan dy oare kant fan de tsjerke yn Tiatira ek yn Drachten net wat te sjen wêze? Soe de Heare hjir net sizze kinne wat Er dêr sei: “Ik wit watsto dochste, Ik ken dyn leafde, dyn leauwen, dyn tsjinjen en dyn úthâlden en Ik wit datst de lêste tiid noch mear dochst as yn it earstoan”? Dan soe it boadskip wêze kinne: “Jimme hoege net perfoarst noch mear te dwaan. Jou dy leafde, dat leauwen, dat tsjinjen en dat úthâlden de romte no mar. Dan komt dat nije libben der ek wol”. Sa'n boadskip moediget je op. Faaks soe it dan wier út it hert komme, as wy oan 'e ein fan dizze tsjinst songen:

O Heare, hifkje ús it hert
en sjoch mar: it is mienens.
Wy woll' Jo tsjinje ier en let
mei kleare tagedienens (Ges.15:4).

En dochs tink it dat it brief oan Sardes miskien noch wol mear romte jout oan in libben yn ôfhinklikens fan Kristus. Je moatte allinnich wat langer sykje nei it gatsje dêr't wy dit brief troch ynkomme kinne. Mar it is de muoite wurdich dat al te besykjen.

It earste dêr't ik jim op wize wol is dat der neffens Kristus neat mis is mei de tsjerke fan Sardes. Dat liket nei it foargeande miskien mar in frjemde opmerking. In tsjerke dy't op stjerren nei dea is, dêr is dochs alles mis mei? Dochs is it opfallend dat dat sinsje ûntbrekt dat wy yn it brief oan Tiarira al tsjinkamen: “Mar dit haw Ik op dy tsjin”.

It is wier dat Kristus gjin goed wurd foar de tsjerke fan Sardes oer hat. Mar as wy dêr alhiel ferstuivere fan binne, falt it ús net op dat Kristus yn syn brief oan Sardes de dingen ek net by de namme neamt. Yn it brief oan Tiatira died Er dat al. Hy hie op har tsjin dat se de lear fan in frou dy't de jefte fan 'e profesy hie, foar sûkerswiet oannamen. As dat minske sei dat leauwen hiel wat oars wie as je mar oan de regeltsjes hâlde, dan gie dat der by har yn as in preek yn in âlderling. Fuort mei dy wet. Wy steane ommers net mear ûnder de wet, mar ûnder de genede? Mar Paulus hie dêr al fan sein: “Wat betsjut dat no? Kinne wy dan mar omraak sûndigje, om't wy net ûnder de wet, mar ûnder de genede steane? Ut-noch-yn net” (Rom.6,15). Dat de minsken yn Tiatira hienen witte kind dat it

net doogde wat dy Izébel úthelle. Mar yn it brief oan Sardes gjin inkelde warskôging tsjin dwaallear. It is my wat te maklik en sis dat Kristus sokke warskôgings mar oerslacht, om't dêr dochs de ein fan wei wie. Hie dat sa west, dan hie dy tsjerke yn Sardes wier sa'n goede namme net hân.

“Der wurdt fan dy sein datst libbest”. No seit de miening fan bûtensteanders net alles. Mar it seit ek net neat. Want tink der mar om dat de kranten yn Sardes der fol mei stean hienen, as der wat op dy kristenen dêr oan te merken west hie. Ik naam de proef eefkes op de som troch op Google ris te sykjen nei in fraudesaak by de iene of oare tsjerke, dy't in moanne as wat lyn yn it nijs wie. Hoe hjitte dy tsjerke ek mar wer? Jezus Centrum, of sokssawat. Ik begûn te typen: “J-E-Z-U-S (Jezus) C”. Ik hie de C noch net oanrekke of ik krige dizze mooglikheden: 1. Jezus Christus. 2 Jezus Centrum Nijkerk. Blykber ha der in hiel soad minsken nei dy tsjerke socht. Tink dy dat ris yn. Do wolst graach wat rabbelerij lêze oer kristenen dy't net doge en typst 'Jezus Christus'. Tink dy dat ris yn. Do sikest om Jezus Kristus en komst út by kristenen dy't net doge.

Dat soe yn Sardes dus net gebeure. De minsken seinen: Ast dan dochs sa noadich nei tsjerke moast, gean dan yn elts gefal dêrhinne. Do kinst fan har sizze watst wolst, mar dat is gjin ferkearde klup. Goeie minsken. Goeie aksjes. Goeie tsjinsten. Goeie sfear. Dêr mei men oer it algemien wol wêze. Fansels, do sitst der net op wachtsjen dat dyn dochter ynienen mei sa'n kristenjunge thúskomt. Mar it hie wol raarder treffe kind.

Ik wol mar sizze: Je soenen der dochs foar tekenje as der sa oer dizze tsjerke praten wurde? Fansels, je keapje der neat foar, as der sa wol op ierde, mar net yn 'e himel oer 'de Hoekstien' praten wurde. Mar it is dus net sa dat de himel it noadich fynt en set dochs wat krityske kanttekeningen by dy goede reputaasje dy't de tsjerke fan Sardes op ierde hat. It brief fan Kristus oan de tsjerke fan Sardes hat mear it karakter fan: “Yndie, neat mis mei. En dochs...” Mar hoe sizze je dat no?

In moanne as wat lyn haw ik ris in oargelplaat besprutsen dy't opnaam wie yn Luxemburch. Geweldige plaat, fiif stjerren. En dochs skreau ik: “Ik haw dat oargel sa stadichoan wol heard. It is absolút in ynstrumint dêr't je alle kanten mei út kinne. Mar karakter fyn ik it net hawwen. It lûd lit my yn elts gefal kâld”. Sokssawat. Dat meie je fansels net lûdop sizze. Want in oargelist dy't wat foarstelt moat tsjintwurdich wol in plaat yn Luxemburch makke ha. Want dêr stiet sa'n geweldich oargel. Fjouwer klavieren, tachtich registers, hielendal digitalisearre. Do kinst dyn plaat oerdeis ynspylje en nachts ôfspylje. Ideaal. Gjinn bylûden fan 'e buorman dy't krekt syn gers meane moat of fan 'e buorjunge dy't krekt syn brommer opfiere moat. En dochs... Der mailde my ien werom: “Willem Hendrik Zwart soe wol sizze: “Tizzut niet. Ut singt niet”.

Neat mis mei, dy tsjerke yn Sardes. En dochs... It is it net. It libbet net.

Mar wat makket no dat dy tsjerke it dochs net is? Wat makket dat dy tsjerke dochs net libbet? It antwurd op dy fraach stiet yn it wurd dat ik as tekst foar de preek keazen ha: “Ast net

wekker wurdst, sil Ik komme as in dief, en do silst der neat fan witte op watfoar tiid Ik dy oer it mad komme sil". Mar hoe lis ik no út dat dát it krekt is? Ik wol it besykje myn in foarbyld dat in bern begripe kin. It as nammentlik ûntliend oan 'e boeken oer de Kameleon. Jakoba en ik hawwe se omtrint allegear. As it libben wat yngewikkeld wurdt, lêze wy dat. Goeie terapy.

Hawar, Gerben komt op in hiel âld brommer op de smidderij fan Klinkhamer tariden. No, ride... It ding hipt en hoastet en rikket... Want Gerben hie gjin genôch benzine mear en hie dêrom mar wat petroalje yn de tank dien. Mar wat kin it skele, yn 'e smidderij hellet er it ding hielendal útinoar en makket er alles wer sûkerskjin. As er de brommer wer yninoar setten hat, wol it ding mar net starte. Stom, gjin benzine yndien. Mar as dat probleem ek oplost is, rint it ding wer as in tierelier. Eefkes. Wan as Gerben noch ris gas jout, slacht it ding ôf. En al hoe hurd hy him ek oantrapet, it ding wol mei gjin mooglikheid mear starte. Hat er miskien dochs wat fergetten? Hy sjocht alles nei wat er mar neisjen kin, mar kin neat fine. Klinkhamer derby. Kin ek neat fine. Dat is dochs net te leauwen? Neat mis mei, en dochs...

Binne der kenners yn 'e seal? Kenners fan brommers? Kenners fan 'e Kameleon? Wêrom docht dy brommer fan Gerben it no net? [...] Omdat Hylke en Sytse it luchtgatsje yn 'e dop fan 'e benzinetank tichtmakke ha. At der boppe gjin lucht yn 'e tank komme kin, kin der ûnder gjin benzine útrinne.

Kinst dat miskien wol fan in pak drinken. Besikest o sa netsjes in glês yn te jitten, komt der yn ien kear sa'n bats út dat de hiele tafel dweiltrochwiet is. Dat kinst foarkomme troch in gatsje boppe yn it pak te prippen. Ast dan ynjitst, dan hearst net allinnich – klok-klok-klok – it drinken derút kommen, mar ek – slj-slj-slj – de lucht deryn kommen. Komt der gjin lucht yn, dan komt der gjin drinken út.

Sa wie der mei de tsjerke yn Sardes krektlikemin wat mis as mei de brommer fan Gerben. Allinnich dat gatsje siet ticht. Welk gatsje?

Dat seit Jezus no yn dy wurden: "Ast net wekker wurdst, sil Ik komme as in dief, en do silst der neat fan witte op watfoar tiid Ik dy oer it mad komme sil". Dy wurden fernuverje jim miskien wol wat. Want Jezus kómt dochs ek as yn dief yn 'e nacht? Hy hat dochs sels sein dat je net útrekkenje kinne wannear't it keninkryk komt (Lk.17,20)? Dat hat koartlyn noch wer bliken dien. Der wienen minsken dy't der wis fan wienen dat de wrâld op 21 desimber fergean soe. Dat hienen se útrekkene mei in kalinder fan 'e Yndianen. Doe soe it heve. Mar der gebeurde neat. Op it ynternet kinne je in filmke fine mei de namme: "Wêrom at de wrâld juster net fergien is". Dat hat de NASA derop setten. Allinnich net in deis letter, mar in dei earder. De learde mannen koenen blykber foarút wol sizze dat de wrâld der oare moarn ek noch wêze soe. Wat fine jo dêrfan, broers en susters? Kin dat wol, jonges en famkes? Kinst hjoed al wol sizze dat Kristus moarn net weromkaam is?

Je kinne de komst fan it keninkryk fan God net útrekkenje. Mar dat betsjut net dat je der ek net mei te rekkenjen hoege. Dêrom fyn ik der wat goeds yn sitten dat dû. Bottenbley twa jier lyn iepenlik **sizze** doarde dat hy leaude dat Jezus binnen fiifentwintich jier weromkomme soe. Miskien soe hy dat net mear meimeitsje. Mar de jongerein dêr't er foar spruts al.

Dêr waard doe nochal synysk op reägearre. Want soe it oer fiifentwintich jier bliken dwaan dat er gjin gelyk hie, dan koest him der yn elts gefal net mear op oansprekke. Want net allinnich wie Jezus der dan *noch net*, mar ek wie Bottenbley der dan *net mear*. Fanwege alle ophef oer 21 desimber 2012 wurde Bottenbley frege oft er noch altiten sizzen doarde dat Jezus no binnen trijentwintich jier weromkomme soe. Dat doarde er noch altiten. Mei deselde reäksje ta gefolch.

Begryp my goed, ik sis net wat dû. Bottenbley seit: dat de Heare Jezus binnen trijentwintich jier weromkomme sil. Mar dat betsjut net dat ik der net mei rekkenje. Earlik sein rekkenje ik der no minder mei as wol west hat. Ik wit noch wol wêrom't ik dat doe die, ik wit net wêrom't it dat no net mear sa bot doch. Mar no't ik dy ûntwikkeling by mysels sjoch, moat it bekenne dat ik it gjin goede ûntwikkeling fyn. Miskien taast de wissichheid fan dû. Bottenbley my wol sa yn it moed, omdat hy my yn it sin bringt wat ik sels wat kwytrekke bin.

Bottenbley is foargonger fan in gemeente dêr't fan sein wurdt dat se libbet. Mar oars as yn 'e gemeente fan Sardes sit der yn 'e gemeente fan Bottenbley in gatsje. Sy hat yn elts gefal in foargonger dy't in hiel soad organisearje kin, behalve it feest. Dêr moat er op wachtsje, omdat allinnich Jezus dat feest organisearje kin. Dat docht er, wachtsje. Wylst de measte frijmakke grifformearden wat om him gnyskje

Ik haw wier myn fragen wol by de tsjerke fan Bottenbley. Fragen oer syn fisy op de doop, fragen oer syn fisy op de weromkomst. Mar ek dizze fraach: Soe der yn syn gemeente safolle organisearre wurde, omdat men mei ieren en sinen oanfielt dat it wichtichste net organisearre wurde kin: dat de Heare Jezus der sels by is? Ik haw gjin antwurd op dy fraach. Mar ik wit wol dat je allinnich ride kinne op in brommer mei in gatsje yn 'e tankdop en allinnich drinken jitte kinne út in pak mei in gatsje yn 'e boppekant.

Wat is dat, in tsjerke mei in gatsje? It is yn elts gefal in tsjerke dy't gjin stap docht sûnder te bidden. Der sille ek yn dizze gemeente allegear kommisjes wêze dy't wurkje oan in beliedsplan, de tsjerkerie foarop. Bêst genôch, salang't dy kommisjes mar yn it foarste plak gebedskommisjes en pas yn it twadde plak beliedskommisjes binne, de tsjerkerie foarop. Oars wurdt it klok-klok-klok sûnder slj-slj-slj: in griemerij.

Wy hoege net te stribjen nei in perfekte tsjerke. Wy kinne better bidde om it perfekte keninkryk. Want in tsjerke dy't klear is, dy doocht net.

Amen.